

OP IT MÊD

[1425] Reinhard Bleck, *Angelsächsische und friesische Runen auf Goldstücken des 6. und 7. Jahrhunderts (Goldbrakteaten, Solidi und Tremisses)*. Göppingen (2016), Kümmerle Verlag [= *Göppinger Arbeiten zur Germanistik* 784].

Dit boek is min te besetten, dat wy geane jir ôf op it tige wiidweidige besprek fan Arend Quak yn *Amsterdam Beiträge zur älteren Germanistik*, bân 76 (2016), pp. 566-573. Bleck beheint him yn dizze stúdzje ta runen op goudstikken. Ien fan syn stellings is dat benammen de twasidige stikken slein wêze moatte, yn in beskate oplage. De ynterpretaasje dat it opskrift slaan soe op 'e namme fan 'e eigner soe dêrmei diskutabel wurde. Bleck komt mei gâns nije ynterpretaasjes, mar dy kinne allinne al op taalkundige grûnen almeast gjin wurdearring krije fan besprekker Quak. Sa ûnderstelt Bleck bygelyks weifallen fan de *l* yn "âld", wylst dat proses him yn it Frysk pas in tûzen jier letter foardie as de tiid fan it goudstik sels. Bleck syn sterk ôfsetten tsjin in eardere generaasje ûndersikers mei har "hitleristische Ideen" is bespekker Quak stûfernôch.

(siebren dyk)

[1426] Elisabeth Piirainen, *Lexicon of Common Figurative Units. Wide-*

spread dioms in Europe and Beyond, vol. II. New York (2016), Peter Lang [776 siden].

Dit boek is in ferfolch op syn foar-gonger út 2012. Kearn fan it idee efter dit boek is om siswizen te sammeljen dy't "widespread" binne, dat wol sizze yn gâns talen foarkomme. Ta dy talen wurde ek de lytsere rekene, lykas it Noardfrysk en it Westerlauwersk Frysk. Piirainen wurke mei ynformanten. Foar it Westerlauwersk Frysk wie dat Frits J. van der Kuip en foar it Noardfrysk hie se mar leafst acht meiwurkers op 'e list – ûnder harren bekende nammen as Nils Århammar, Volkert Faltings en Adeline Petersen silger – mar dy dutsen dan ek trije dialekten ôf (Sölring, Fering/Öömrang en dat fan 'e Wiedingharde). Yn totaal wurde yn dit boek 280 idiomen behannele. Se wurde wiidweidich beskreaun yn 12 haadstikken, yndield neffens de libbensgebieten dêr't de letterlike ynterpretaasjes yn thúshearre, lykas teater (*efter de kûlisen*) of tiid en romte (*de tiid deadzje*). Efternei die bliken dat gearstalster Piirainen nei it opleverjen fan dit monumintale wurk noch mar in jier te libjen hie.

(siebren dyk)

[1427] Jana Krüger, Vivian Busch, Katharina Seidel, Christiane Zimmermann

Ute Zimmermann (útjs.), Die Faszination des Verborgenen und seine Entschlüsselung – Rāđi sār kunni. Beiträge zur Runologie, skandinavistischen Mediävistik und germanischen Sprachwissenschaft. Berlin (2017), De Gruyter [= Reallexikon der Germanischen Altertumskunde - Ergänzungsband 101].

Yn dizze bondel, útjûn by gelegenheid fan ‘e 75ste jierdei fan Edith Marold, earder perfester foar skandinavistyk yn Kiel, steane ek twa bydragen fan Kieler frisisten. Jarich Hoekstra sines hat as titel ‘Was ist die Mehrzahl von “Milch”? Lexikalische Plurale im Nordfriesischen und im Jütischen’ (s. 175-189). Nei in ynliedend yn ‘e kunde bringen mei it Noardfryske meartalssysteem giet er neier yn op leksikale meartallen. Dy referearje nei in konsept dat as mearliddich opfette wurdt, lykas ús *kosten*. Oare tapassingsgebieten lizze op it mêd fan bygelyks klean, ark, planten, lichemsdielen en ôfeart. Der hoecht yn ‘e foarm fan it wurd ek net iens altyd in meartalsútgong foar te kommen; soms ferret it meartallige him troch kongruïnsje mei de persoansfoarm. It aparte is no dat dy leksikale meartallen yn it Noardfrysk ek foarkomme by floeistoffen en substânsjes, dy’t ynherint dus net út ferskillende ûnderdielen besteane. It giet dan om konsepten as molke, rjemme, sûpe, waai en bûter. It docht bliken dat yn it Jutsk itselde ferskynsel foarkomt, sels ek noch op wat gruttere skaal. Hoekstra ferklearret dat troch it te ferbinen mei it yn dy talen navenant faak foarkommen fan

it ûnsidige slachte, dat ek tagelyk ûntelberens oanjout (ferlykje westerlauwersk *it reid* neffens *de reid*).

Alastair Walker krijt fannijs in ûnderwerp út ‘e skiednis fan ‘e Dútske frisistyk op. Yn “Hans Kuhn, das Nordische Institut und die Anfänge der Nordfriesischen Wörterbuchstelle” (s. 347-362) beskriuwt er hoe’t in foargonger fan Marold yn it Noardfryske wurdboekprojekt behelle rekke. Dêr spile oars yn mei dat de Dennen der oars mei oan ‘e haal drigen te gean. It ferhaal giet lykwols benammen oer de striid mei de autoriteiten om personiel foar it projekt te krijen. Dêrta sitearret Walker wiidweidich út argymateriaal.

(siebren dyk)

[1428]

Alastair Walker, Desde o monolingüismo cara ao quinquelingüismo. A diversidade lingüística no norte de Alemaña e nas áreas veciñas. Yn: Martín Vásquez & Facundo Reyna Muniain (bes.), Encrucilladas da diversidade lingüística Europea. Kiel - Santiago de Compostela (2017), Editorial Galaxia, Vigo.

Yn it ramt fan in projekt oer it taalkundich ferskaat bylâns it Jabikspaad (de pylgerwei fan it Noardseegebiet nei Santiago de Compostela), dêr’t û.o. it Sintrum foar Galisyske stúdzjes oan ‘e universiteit fan Kiel yn behelle wie, ferskynde in (Galisyk-talich) boek mei de bydragen fan in lytse konferinsje oer dat tema. Alastair Walker behannelet dêryn de meartalichheid (fan ientalichheid

oant fiiftalichheid) yn Noard-Dútslân en oanswettende gebieten. De situaasje fan it Frysk (d.w.s. fan it Noardfrysk, Eastfrysk en Westerlauwersk Frysk) nimt dêrby in sintrale rol yn, mar der wurdt ek omtinken jûn oan it Leechsaksysk, Leechdútsk, de taal fan ‘e Sinti en Roma, de taal fan ‘e Deenske minderheid yn Sleeswyk-Holstein en dy fan ‘e Dútske minderheid yn Denemarken.

(jarich hoekstra)

[1429]

Michael Elmentaler et al. (bes.), Teweschen Hochtiet. Eine niederdeutsche Bauernkomödie aus dem 17. Jahrhundert. Münster (2018), Ardey-Verlag [Westfälische Beiträge zur niederdeutschen Philologie, Bd. 18].

Dizze útjefte fan ‘e 17de-iuwske Leechdútske komeedzje “Teweschen Hochtiet” is foar de frisistyk ynsafier rillevant dat dat tenielstik, tegearre mei de fuortsetting derfan, “Teweschen Kindelbehr”, yn 1712 yn it Frysk oerset waard as “Waatze Gribberts Bruyloft”. Dy lette útrinder fan ‘e Teweschen-tradysje kriget yn ‘e ynlieding ta de útjefte ek omtinken en yn ‘e taheakke mei tekstfaksimile’s wurde der in pear siden út ôfprinte. De ynlieding jout boppedat in goed oersjuch fan ‘e hjoeddeiske stân fan it ûndersyk nei de Teweschenstof. De komeedzje is útjûn neffens de printinge fan 1640 en – om him foar de moderne lêzer makliker ta-gonklik te meitsjen – foarsjoen fan in oersetting yn it Dútsk. De wiidweidige opmerkingen by de tekst kinne

ek fertuten dwaan foar in better begryp fan ‘e Fryske oersetting.

(jarich hoekstra)

[1430]

Eric Hoekstra, Waatze Gribberts brulloft, It Libben fan Aagje Ijsbrants. Ljouwert (2017), Elikser Uitgeverij.

Nei’t er in pear jier ferlyn in – út it Midfrysk wei yn it Nederlânsk oersetse – blomlêzing fan 17^{de}-iuwske poëzy útjûn hat, is Eric Hoekstra no mei twa 18^{de}-iuwske teksten kommen: *Waatze Gribberts Brulloft* (in anonime tekst, oarspronklik út 1701) en *It Libben fan Aagtje Ijsbrants* (troch Eelke Meinders út 1779). Feitlik giet it hjir om wat mear as allinnich oersettingen, want Hoekstra hat beide teksten ta in hichte bewurke om se foar it publyk fan no begrypliker te meitsjen. ‘It bêste út ‘e 18^e iuw yn goed lêsber Frysk’, affisjearret er syn wurk. Foarsafier’t de tsjintwurdige lêzer überhaupt noch foar 18^{de}-iuwske kluchten gefoelich wêze kin, kloppet dat. Hoekstra skriuwt prachtich en linich lêsber Frysk. Foar de ûnderwiispraktyk yn de boppebou fan it middelber en yn it heger ûnderwiis binne Hoekstra syn teksten dêrom nuttich en sinfol. Ik lêse wol ris in stikje *Waatze Gribberts* mei studinten en tenei sil ik dizze oersetting dêrby tankber brûke. Hoekstra bliuwt kwa taal – en benammen yn *Waatze Gribberts* liicht dy der net om – moaiticht by it 18^{de}-iuwske Frysk; de skellen flokwurden rattelje je as kûgels om de earen.

Tsjin dat positive oardiel oer steane wol wat lytsere kanttekeningen. De earste jildt de ferhâlding mei it ori-zjineel. Dy komt my te min oan bod. De tekst kin sadwaande yn it ûnder-wiis net sûnder útlis fan in dosint, en ik bin bang dat datselde ek jildt foar it algemiene publyk. In dûbelútjefte fan oersetting en bewurking hie om my gaadliker west. Miskien kin Hoekstra mei wat stipe fan de Pro-vinsje en de fûnsen soks nochris rea-lisearje. Yn dat gefal kin ek in oar beswier weinommen wurde. Wat minder slagge binne nammentlik yn myn eagen ek de taljochtingen op 'e teksten, en dan foaral de lange útlie-ding op *Waatze Gribberts*. Alderearst is dat omdat in wittenskiplike skô-ging sa't Hoekstra dy hjir jout net goed past yn in boek as ditte, dat eksplisyt ornearre is foar in breed pu-blyk. In deeglike ynlieding oer de kontekst fan boerekomeedzjes, dêr't beide stikken yn thúshearre, hie mear op syn plak west. Ek ynhâldlik is Hoekstra syn stik oer *Waatze Grib-berts* net al te sterk. Hy komt yn it ferhef tsjin it fatsoen fan de 19^{de}-iuwske Fryske literatuerhistoarisy, dy't Waatze Gribberts om syn frij-moedige ynhâld mar beskamsom fû-nen. Dy striid liket my lykwols al-lang útfochten; wy sjogge al sûnt in heale iuw net mear raar op fan in flok of in fiis wurd. De oare kwestje dêr't Hoekstra wurk fan makket, dat Waat-ze Gribberts earder in novelle is as in toanielstik, fyn ik ek te fier socht en docht oan de tekst net folle ta of ôf.

Al mei al soe ik Eric Hoekstra oanriede wolle om syn weardefolle Midfryske bewurkingen ris yn in wat

grutter twatalich boek ûnder te brin-gen mei dêrby in hechte en ynforma-tive ynlieding oer tekst en kontekst.

(goffe jensma)

[1431]

Jarich Hoekstra, Frisian. Oxford Bi-bliographies. On-line publisearre op 27-9-2017:

<http://www.oxfordbibliographies.com/view/document/obo-9780199772810/obo-9780199772810-0211.xml>

In seldsum nuttige publikaasje, dizze op ynternet útbrochte bibliografy fan de Fryske taalkunde, ferskynd yn de searje Oxford Bibliographies. Hy rjochtet him yn it foarste plak op net-ynwijdde lju, en omdat it hjir om in beriddenearre bibliografy giet, krije sokken der fergees in koarte yntro-duksje ta it fak by. De Fryske taal-kunde wurdt breed opfette; net allin-ne it Westerlauwerske Frysk, mar ek it East- en it Noardfrysk krije har rjochtlik plak, lykas ek de mingdia-lekten. It begjint mei in oersjoch fan de ynfrastruktuer fan it fakgebiet, mei bygelyks hanboeken en algemie-ne ynliedings, bibliografyen, data-banken, tydskriften en searjes, en oersjoggen fan de skiednis fan it fak. It giet dêrnei fierder mei Protofrysk en Aldfrysk; it Midfrysk wurdt sa'n bytsje meinaam ûnder histoaryske taalkunde. Under dy brede paraplu falle bygelyks ek etymology, nam-mekunde en it ûntstean fan mingdia-lekten. Dêrnei fart it fierder mei it hjoeddeiske Frysk, dêr't ek rubriken as dialektology, sosjolingwistyk en standerdisaasje ûnder falle.

Dizze bibliografy stribbet net nei folsleinens; by de rubriken wurde in-keld de wichtichste publikaasjes meinommen. Dat is fan dy gefolgen dat der meast boekwurken neamd wurde, mar dy lykwols net allinnich. De karút fan de neamde wurken liket lykwichtich; âldere publikaasjes (byg. Von Richthofen, 1840) wurde bygelyks ek net fergetten. Ik haw sa-gau mar ien flaterke fûn: de útjefte yn 1993 fan Codex Aysma is net diplomatyks, mar kritysk.

(siebren dyk)

[1432]

Christoph Winter, Preuszischer Maat und nordfriesischer Patriot. Der Dichter Johannes Hansen (1854-1877) aus Fehsholm. Kiel (2017), Abteilung für Frisistik/Nordfriesische Wörterbuchstelle der Christian-Albrechts-Universität [= Estriken/Ålstråke 106].

Op ‘en nij in tekstútjefte as Kieler Estrik. Diskear giet it om it dicht-wurk fan de jongferstoarne Johannes Hansen (1854-1877). Op himsels miskien in bytsje nuver, omdat dit net de earste kear is dat Hansen syn hânskrift yn print it ljocht sjocht. Mar de kearen dat dat bard is, is der, sa’t Winter sjen lit, nuver mei de tekst omslein, dat allinnich al om filologyske reden is it goed dat it ori-zjineel no betrouber útjûn is, al wie it ek mar omdat der yn it Middelgoes-harder dialekt fan Breklum en om-kriten net al te folle skreaun is. Alhiel neffens de resinte Kieler tradysje stiet op ‘e rjochter side in – sa’t Win-

ter tajout “unpoetische” – oersetting yn it Dútsk. Boppedat jout er ek noch taalkundich wurk fan de man út: in antwurd op dialektfragen fan de Deen Hermann Möller, en, noch wol sa wichtich, in net ûnfertsjinstlik taal-kundich opstel, dêr’t men hast net fan leauwe wol dat it skreaun is troch immen sûnder spesjale taalkundige oplieding. Hansen moat him yndied goed ferdjippe ha yn syn memmetaal.

De eigentlike útjefte wurdt foarôf-gien fan in ynlieding (s. 7-56). Dêryn in wiidweidige libbensbeskriuwing en in besykjen om Hansen yn ‘e ro-mantyske tradysje te pleatsen. It boek wurdt fierder opgnist mei gâns âlde foto’s. De oanset ta dizze útjefte wie in skripsje, dy’t benammen bestie út in transkripsje fan Hansen syn wurk. It hat in goed ding west dat Winter dêr nochris wer op dûkt is en ien en oar útwreide hat ta it kreaze boek dat it no wurden is.

(siebren dyk)

[1433]

Erk Petersen, Der driif en heef foont sööden jur. En útwool foon toochte, tääle än dächte. Herausgegeben von Ingo Laabs. Kiel (2017), Abteilung für Frisistik/Nordfriesische Wörterbuchstelle der Christian-Albrechts-Universität [= Estriken/Ålstråke 107].

Yn Kiel farre se stevich troch mei it útjaan fan Noardfryske teksten. It bysûndere fan dizze útjefte is dat der in modern, noch libjend auteur foar kar nommen is. Erk Petersen is yn 1946 berne yn Niebüll. Hy studearre yn Kiel yndology, mei Nederlânske

en Fryske filology as byfakken. Besoarger Ingo Laabs sketst yn syn ynlieding dat er altyd wat njonken de wenstige maatskiplike struktueren lâns libbe hat; ienris in hippy altyd in hippy, sa sawat. Dat hat miskien ek wol wat in wjerslach hân yn syn literêr wurk. De meast frijwat koarte teksten, skreaun yn ‘e westlike fariant fan it Mooring, bewege har earder yn it mytologyske as yn it realistyske. Dêrby wurdt besocht om in ûnderstelde eardere Noardfryske fertelkultuer opnij op te roppen. Petersen sels hat it oer “rekonstruierte Folklore”.

Besoarger Ingo Laabs hat yn syn ynlieding en neiurd de skriuwer en syn wurk treflik yntrodusearre, en it is in skoander ding dat in skriuwer yn sa’n lyts taalgebiet as it Noardfryske troch middel fan dizze Estrik dochs noch útjûn wurde kin. Boppedat kin tanksij de Kieler tradysje fan de parallelle oersetting op ‘e rjochter side ek in folle grutter publyk maklik tagong ta de teksten krije.

(siebren dyk)

1434]

Arjen P. Versloot, ‘Proto-Germanic ai in North and West Germanic’, Folia Linguistica Historica 51 (2017), 281-324.

Versloot hâldt hjir út dat de monofongearing fan de protogermaanske *ai* net ien proses west hat. Boppedat wie it net sa dat alles yn ien kear omklapte, mar wie it earder in gradueel proses, dat as in weach oer it Germaanske taalgebiet hinne kroep. De âldste feroaring gong fan noard nei

súd en smiet in lange /a:/ op. Krúsjaal is dat dy feroaring beheind bleau ta felêre konteksten (yn in brede sin). Letter ûntstie foar de oerbliuwende koda’s in beweging fan súd nei noard. Yn it Aldfrysk soarge dy foar in lange *e*.

De teory hat reperkusjes foar it hiele Germaansk, mar foar it Frysk sels kin er ek in stikmennich problemen oplosse. Dêrta hearre it ôfwikende hâlden en dragen fan it Eilânnoardfrysk (de sprekkers wiene al útpykt foardat weach II der oan kaam), mar ek dialektyske ferskillen binnen it oerbliuwende Frysk: westlik sjogge we mear in lange *a*, eastlik mear in lange *e*.

(siebren dyk)

[1435]

Lysbeth Jongbloed-Faber, Jolie van Loo & Leonie Cornips, ‘Regional languages on Twitter. A comparative study between Frisian and Limburgish’, Dutch Journal of Applied Linguistics 6 (2017), 174-196.

Dit artikel ûndersiket it taalgebrûk op Twitter, mar dan net sa lyk mei in kwantitatyf, mar earder mei in kwalitatyf perspektyf. Likegoed skine de Limboargers har taal justjes faker (8%) yn Twitter te brûken as de Friezen (5,3%). Wannear’t de regionale taal brûkt wurdt, is dan wol wer sa likernôch neffens ferwachting. As der safolle mooglik lju berikt wurde moatte, dan wurdt it Nederlânsk foar kar naam. Frysk of Limboarchsk wurdt earder brûkt as der reagearre wurdt op in berjocht yn regionale taal of as de adressant bekend is (en dy ek

sprekker fan ‘e taal is), mar ek wol as ûnderwerpen te praat brocht wurde dy’t ynhâldlik sterk mei de streek ferbûn binne, lykas skûtsjesilen of alvestêdetocht, of festeljûn foar Limboarch.

(siebren dyk)

[1436]

Myrthe Bergstra, ‘The change of Frisian infinitives’. Yn: Sander Lestrade & Bert le Bruyn (útjs.), Linguistics in the Netherlands 2017. Amsterdam / Philadelphia (2017), John Benjamins, 17-29.

In âld ûnderwerp yn ‘e Fryske taalkunde wurdt hjir fannijs opkrigen: it ûnderskied tusken de beide ynfinityf-útgongen *-e* en *-en*. It grutste nijs – en it is frij ferûnrêstend as it wier is – is dat dat troch hyltyd minder minsken makke wurdt. Bergstra jout sifers dat it ferskil frijwat lju sljocht is, en ek dat har tal neigeraden de jongere generaasjes tanimt. De omfrage wie lykwols skriftlik, dat der is noch hope dat party meidoggers lêst hân ha fan in ynsliten (Nederlânsk) wurdbyld (sa’t in anonime neisjogger ek suggerearret).

Bergstra hâldt ek út dat se hjir mei in nije analyze komt. Dat is lykwols betreklik. It âlde idee dat it ûnderskied “ferbaal” tsjinoer “nominaal” in rolle spilet, bliuwt wol oerein. Dat wurdt hjir lykwols ynbêde yn jongere generative (minimalistyske) opfettings. Bergstra komt der op út dat de byhearrende struktueren net folle fani-noar ferskille, wat der mei in oarsaak foar wêze soe dat se trochinoar helle wurde. Men freget jin dan wol

ôf wêrom oft eardere generaasjes dêr dan nea gjin lêst fan hân ha. De oare mooglike oarsaak dy’t foarslein wurdt, ynfloed fan it Nederlânsk, liket dan ek wol sa plausibel.

(siebren dyk)

[1437]

Katrien Depuydt, Jesse van der Does, Pieter Duijff & Hindrik Sijens, ‘Making the Dictionary of the Frisian Language available in the Dutch Historical Dictionary Portal’. Yn: J. Odijk & A. van Hessen (útjs.), CLARIN in the Low Countries. London, Ubiquity Press (2017), 151-163.

It programma CLARIN is bedoeld om taaldata te digitalisearjen en beskikber te meitsjen. As in foech tuskenstân is no in mânsk boek ferskynd dêr’t allegearre dielprojekten yn op in rychje set wurde. Haadstik 13 fan it boek giet oer it *Wurdboek fan de Fryske Taal* (WFT) sa’t dat beskikber is fia de Geïntegreerde Taalbank (GTB) fan it Instituut voor de Nederlandse Taal (it eardere INL). Njonken it WFT sitte dêr ek de grutte Nederlânske wurdboeken yn, lykas it MNW en it WNT.

Yn it stik wurdt beskreaun wat der allegearre dien is foardat it WFT safier wie dat it yn 2010 opnommen wurde koe. De swierrichheden hiene benammen te krijen mei it feit dat it WFT hjir en dêr net eksplisyt genôch wie, omdat it opboud wie as in boek. Boppedat moast hjir en dêr de terminology oanpast wurde.

In foardiel fan de elektroanyske ferzje is dat dy mear te sykjen jout as de papierene, alhoewol’t der noch net

al te folle gebrûk makke skynt te wurden fan ‘e nije mooglikheden. Om sok ûndersyk te stimulearjen jout it artikel in moaie yllustraasje oan ‘e hân fan ‘e farianten *hynder*, *hynsder* en *hynzer/hynser*. Tanksij sykjen yn by oare lemmata brûkte sitaten krije jo in prachtich sicht oer harren opkomst en delgong, ynformaasje dêr’t yn it eigentlike lemma *hynder* om ‘e nocht nei socht wurde moat.

It stik makket der ek melding fan dat de fasiliteit nei 2012 yn heech tempo minder rieplachte waard. Dat lei him oan it brûken fan Flash, dêr’t tillefoans en tablets neat mei koene. Underwilens is dat euvel ferholpen, en de oanbelangjende webside fan de GTB sjocht der ek folle better út.

(siebren dyk)

[1438]

Jarich Hoekstra, ‘Jou dy no mar del. *Weromwurkjend jaan as tiidwurd fan lichemsbeweging en fuortbeweging yn it Frysk*’, *It Beaken* 79 (2017), 2-26.

Dit artikel is in djipgeande wurdstúdzje nei de eigenskippen fan weromwurkjend *jin jaan*. Dat kin mei in ferhâldingswurdkloft (*hy joech him nei de stoel*) of mei in rjochtingspartikel (*hja joech har oerein*). Yn it earste gefal soe *jaan* ek ferfongen wurde kinne troch it prefigearre *bejaan*. Dat prefiks soe dy partikels út it stee keard hawwe kinne, al moatte dêr wol alle gearre oannamen oer de komposysjonaliteit fan *bejaan* foar oannommen wurde. In ûntstean fan *jin jaan* út *jin bejaan* is mei dêrom problematysk, ek al omdat *jin jaan* ek al âlde papieren hat. Hoekstra jout

dêrom de foarkar oan in oar idee, dat *jin jaan* net sa lyk in tiidwurd fan fuortbeweging is, mar earder in tiidwurd fan lichemsbeweging. Hy lit sjen dat gâns eigenskippen, ek mear oerdrachtlike, sa te plak komme kinne. It ûntjaan fan it tiidwurd *jaan* yn dizze rjochting soe neffens de auteur frijwat unyk wêze, ek al kin men der yn âlder Hollânsk ek spoaren fan oanwize.

(siebren dyk)

[1439]

Eric Hoekstra & Frits van der Kuip, ‘Peanut butter, compositionality and semantic transparency in loan translations’, *Taal en Tongval* 69 (2017), 137-156.

In hiel artikel oer nûtsjesmoar, yn it foar hâldt men jin de lea stikken. Hat de Grinzer perfester mjiertes Jan Koster ea ek net sein dat “nog steeds weet niemand iets diepzinnigs over pindakaas te zeggen”? En dan is it dochs wol in prestaasje fan it duo Hoekstra en Van der Kuip om oer dat wurd in hiel nijgjirrich ferhaal te hâlden. De begjinopstrewaasje is dat it Hollânske wurd *pindakaas* yn it Frysk net de lienoersetting **pindatsiis* krijt. Dat soe komme omdat de gearsetting net komposysjoneel is: it giet hjir net om in itige betsjutting fan *tsiis*, want it produkt wurdt net snijd mar smard. It alternatyf *nûtsjesmoar* is der neffens de hearen net goed ynkaam omdat it wurd *smoar* kwealik (mear) bekend is en boppe-dat op dierlik fet slacht. Dat it ek gjin **apenutekaas* wurden is, soe der oan lizze dat der hast gjin gearsettings

binne mei *apenút* as earste lid. Nammers, hielendal eksklusyf oer nûtsjesmoar giet it stik ek wer net. De auteurs wize ek op ferlykbere non-komposysjonele lienoersettings as *suerstof* en *overloop*.

(siebren dyk)

[1440]

Jarich Hoekstra, 'Frisian genitives. From Old Frisian to modern dialects'. Yn: Tanja Ackermann, Horst J. Simon & Christian Zimmer (útjs.), *Germanic Genitives. Amsterdam / Philadelphia (2018), John Benjamins, 37-61.*

Yn 2014 hat der in konferinsje west oer de eigenskippen en ûntjouwing fan de twadde namfal yn Germaanske talen. In lyts fjouwer jier letter is dêr in bondel fan ferskynd, dêr't dit stik fan Jarich Hoekstra ek yn stiet. It is in seldsum nuttich oersjoch wurden. Nei in koarte ynliding beskriuwt er earst de genityf binnen it Aldfryske namfalssysteem. Binnen it lettere Frysk wurdt dan de fierdere ûntjouwing fan 'e genityf allinnich mar behannele foar it Westerlauwerske Frysk en it Fering-Öömrang (as in foech fertsjintwurdiger fan it Noardfrysk). Ferskate konstruksjes komme foarby. Alderearst is dêr de

bekende possessive (*Jitske-s hynder*), mei as bysûndere tapassings de dûbelde possessive konstruksje (*in omke fan sin-es*) en de lokale (*by de bakker-s*).

Foar it Westerlauwersk komme dêrnei op it aljemint: de echtpearoantsjittings (*Ruerd-e Gryt*, ek mei in swakke útgong), de genitive gearsettings (*keamer-s-doar*), famyljenammen (*Terpstra's fammen* vs. *de Terpstra's fammen*), bywurden fan tiid op *-s* (*jûns, de jûns, okkerjûns*), en ta beslút de meartalsgenityf dy't inkeld yn literêre styl foarkomt (*minsk-ene lot*).

Foar it Noardfrysk wurdt yn it foarste plak it patronimesysteem behannele, dat nammers lang yn 'e swang west hat. It hat twa útgongen: *-s* (*Faalting-Faaltings*) en *-en* (*Jan-Janen*). Fierders komme bewennersnammen foarby, mei de útgongen *-ing* plus *-e* (*Naibel - naibl-ing-e*) of inkeld *-e* (*Ståårem - ståårem-e*). Ek hiel nijsgjirrich binne de stofnammen dy't ôflaat wurde mei it oarspronklike genityfsuffiks *-s*, as yn *liver* ('lever') - *liver-s* ('guod fan 'e lever'). Alles meiinoar dus noch in ryk ferskaat oan oerlevere foarmen, riker miskien as mannichien yn earste opslach tocht hawwe sil.

(siebren dyk)